

verhaal 54

### Krystfeest yn it Ealsumer tsjerkje

As ik myn eagen ticht doch, sjoch ik noch, de mei echte kearzen, fersierde krystbeam stean yn it tsjerkje op 'e terp fan Ealsum. Wikenlang seagen wy út nei it krystfeest fan de sneinsskoalle, wêr't wy hast alle sneinen hinne gyngen. Earst moarns nei it tsjerke yn Ealsum, dêrnei nei de sneinsskoalle yn it lokaaltsje efter de pastorij. Middeis mochten wy thús bliuwe, mar wie der dan preek yn Wetsens,,wêr 't wy wennen, wiene wy wol fan de partij.

It hichtepunt fan it jier wie it krystfeest op 'e twadde krystdei. Wy krigen dan de moaiste klean oan en gyngen as der snie lei, as gesin, te gean nei Ealsum. Yn myn belibbing wie it op 'e weromreis altyd ljochtmoanne waar.

Opgeande nei 't tsjerke, seagen wy troch de ruten, de kearzen al baarnen yn de krystbeam, dy 't oan de souder ta kaam en hearden it oargel al spyljen. Binnendoar leine op it stek fan it fjouwerkant hiele grutte sinesapels, al wachtsjend klear om by de útgong útdield te wurden oan alle bern.

Mar safier wie it noch lang net. Earst songen wy de ferskes, dy't wy leard hiene en soms mocht ik in gedichtsje foardrage. Fansels waard it ferhaal ferteld fan de berte fan Gods Soan, dy't telâne kaam yn in krêbe, omdat der gjin plak foar Him wie yn de herberch. Wat wie ik dan bliid, dat ik wol in bêd hie. Nei it skoft, mei traktaasje folge it s.n. frije krystferhaal. En al hoe slim it yn 't begjin ek like, mei krysttiid kaam it allegearre wer hielendal goed.

Mar it moaiste momint kaam by de útgong. Dêr krigen wy de sinesapel en in boekje. Op myn earste boekje stie, mei grutte letters op 'e foarkant: 'Anneke en de Sik', letter folge troch û. o. 'Het huisje in de sneeuw' en Rozemarijntje". Se wiene allegear skreaun troch W.G. van der Hulst. It boekje fan 1952 ha ik wer ynlevere by de sneinsskoalle, dat is stjoerd nei de bern, dy't troffen wiene troch de wetterneedramp fan 1 febrewaris 1953.

Mei krystfeest fan dat jier, krige ik gjin boekje mear, mar as ôfskie fan de sneinsskoalle in bibeltsje. Yn sierlike letters stiet op 'e binnenkant:

***Nooit kan 't Geloof te veel Verwachten***

***Des Heilands Woorden zijn Gewis..... Gez 244:3***

It bibeltsje is no 66 jier en al bin de letters te lyts foar my wurden om der út te lêzen... en al wurdt it troch in ilestykje byinoar hâlden om steande te bliuwen yn myn boekekast... as ik der nei sjoch, tink ik mei weemoed wer werom oan myn bernejierren, mei de ûnferjitlike krystfeestfierings yn it Ealsumer tsjerkje.

Dit ferhaal is skreaun troch:

Gee Dykstra- Visser, Dokkum